

*De Stifting Fryske Akademy docht wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, de meartalige maatskippij en de regionale skiednis fan Fryslân en leveret dêrmei in kritysk-opbouwende bydrage oan it ynternasjonale wittenskiplike debat en oan hoe't de mienskip him ûntjout. De Fryske Akademy hat op dit stuit 44 meiwurkers yn tsjinst, dy't gearwurkje mei ús staažerinnern, frijwilligers en gastûndersikers. Al is de Fryske Akademy oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) liearre, it ynstitút sit stevich yn de regio bewoartele.*

## **Allround HR-adviseur**

0,8 fte/30,4 oeren

Dizze funksje stiet iepen yn ús ambisjeuze organisaasje. Wy wolle in organisaasje wêze fan meiwurkers dy't meinoar weardefol wurk dogge en mei nocht wurkje oan ûndersyk, op it mêd fan 'e Fryske taal, kultuer en skiednis. Mei in team fan 7 meiwurkers (finânsjes, kommunikaasje, sekretariaat en fasilitear) joust stipe oan de wittenskiplike ûndersikers. Do draachst dêroan by troch noed te stean foar alle fasetten fan personielsmanagement en optimale wurkomstannichheden.

### **Liket dy dit wat?**

Do advisearrest de direkteur-bestjoerder oer HR-fraachstikken op operasjoneel, taktysk en strategysk nivo. Do draachst by oan it HR-belied en fierst de ymplementaasje dêrfan út. Do bist it oansprekpunt foar HR-saken en hâldst dy ûnder oaren dwaande mei yn- en útstream, funksjonearjen, syktefersom, arbeidsbetingsten, arbeidsomstannichheden en aktuele HR-ûnderwerpen. Do sjochst ta op in kreative tapassing fan wet- en regeljouwing. Do soargest foar in goede ferwurking fan personielsynformaasje en stiest yn dyn funksjonearjen foar "goed wurkjouwerskip".

Do bist ferantwurdlik foar it personielsbehear en joust dêr praktyske ynfolling oan. Do draachst ferantwurdlikens foar de HR-prosessen en foar it optimalisearjen dêrfan.

### **Dit is dyn ynbring**

Do hast in hbû-oplieding folge op it mêd fan HR en relevante wurkûnderfining en kennis fan HR-fraachstikken en wet- en regeljouwing datoangeande. Do bist empatysk, ynteger, sensityf en kinst goed selsstannich wurkje en mei oaren oparbeidzje. Do doarst saken besprekber te meitsjen en hast goede sosjale en kommunikative feardichheden. Bist praktysk ynsteld, hast kennis fan automatisearre HR-systemen en wurkest fan it idee út datst saken mooglik meitsje wolst. Do wurkest gear mei Frysktalige, Nederlânsktalige en Ingelsktalige kollega's, behearskest dy talen goed en wolst graach wurkje yn in dynamyske omjouwing mei wittenskiplik ûndersyk en maatskiplike útstrieling.

*De FA achtet in wurkfermidden wêryn't elkenien him wolkom en wurdearre fielt fan grut belang. In wurkfermidden mei omtinken foar yndividuele kwaliteit, dêr't ûntwikkelmooglikheden by foarop steane. Mei-inoar stribje wy nei in ynklusive kultuer dêr't ferskaat wolkom is. Wy nûgje dan ek graach kandidaten út dy't troch harren eftergrûn en ûnderfining dêr in bydrage oan leverje wolle. By gelikense geskiktheid giet de foarkar út nei de kandidaat dy't it ferskaat binnen de FA op dy wize fersterket.*

### **Arbeidsbetingsten**

Wy biede in tydlik tsjinstferbân oan dat leafst sa gau as mooglik yngean kin, earst foar ien jier, mei mooglikheid ta in fêste beneaming. Hybride wurkje is mooglik.

Ynskaling is ôfhinklik fan oplieding en wurkûnderfining by in folslein tsjinstferbân op syn meast € 4.093,- smoarch yn 'e moanne (UFO-profyl HR-adviseur nivo 3 yn skaal 9 cao Nederlandse Universiteiten). De Fryske Akademy hat in karmodel foar arbeidsbetingsten.

## **Ynljochtingen**

Entûsjast? Wy sjogge dyn sollisitaasje graach yn 'e mjitte! Foar mear ynformaasje kinst kontakt opnimme mei Nora Pratley, e-mailadres: [npratley@fryske-akademy.nl](mailto:npratley@fryske-akademy.nl).

## **Gading meitsje**

Do kinst dyn motivaasjebrief en cv foar moandei 4 april 2022 stjoere oan Nora Pratley, HR-adviseur: [wurkje@fryske-akademy.nl](mailto:wurkje@fryske-akademy.nl); û.f.f. HR-adviseur.



KONINKLIJKE NEDERLANDSE  
AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

*Akwisysje wurdt gjin priis op steld.*